



### FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 4 april l.l. byinoar west by Bart oan hûs om wer geskikte sprekkers foar ús jûnen út te sykjen. Wij binne der wer yn slagge en geane der fan út dat der foar elkenien wol wer wat by is. Margje de Jong (foarsitter), Lutske Melein-Kooiker (skriuwer) en Bart van der Wyk (ponghâlder) foarmje it deistich bestjoer. Anna Hemstra-de Jong, Yede van der Veen, Bauke Lageveen en Frans Bakker meitsje it bestjoer folslein.

### WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2019 – 2020

It plak: De grutte seal fan Hotel Oostergoo, alle jûnen begjinne om healwei achten.  
Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 1, 9001 JM Grou, tillefoan 06-5112 3621

#### **Tongersdei 7 novimber.**

Op de earste jûn sil **Bauke Lageveen** ús ynsjoch jaan yn syn grutte samling oer Grou. Hy sil it û.o. ha oer syn kolleksje ansichtkaarten, carte de viste (witte Jo wat dat binne?), kaartenútjowers en de fotografen. Dêrnêst sil hy ek noch op de tekst oer Hotel Oostergoo en Van der Ploeg. En rekkenje mar dat der in bulte foto's te sjen binne, dy't we noch net earder sjoen hawwe.....Wêr as 40 jier sammeljen ta liede kin.

#### **Tongersdei 12 desimber.**

Us âld-doarpsgenoat **Foppe de Haan** sil fertelle oer syn jonge jierren yn syn bertedoarp Lippenhuzen en nei de ferhuzing nei Grou syn belevissen dêr taljochtsje. Nei it skoft giet hy teset oer syn sport- karriêre yn binnen- en bûtelân, uteraard yn 't Hearrenfean en Kaapstad, mei útstapkes' nei Jong Oranje en it Nederlâns Frouljus Fuotbalteam. Ek syn opset fan it 'Foppe Fûns' komt fansels oan bod.

#### **Tongersdei 16 jannewaris.**

Ald-Grouster **Harm Vollema** fertelt ús dizze jûn, hoe't hy as pakesizzer fan eigner Sietse Bijlsma, de op- en delgong fan "It Izerfabryk" belibbe hat. Fan oprjochters Van der Made en De Vries oant de oanlis fan de Hellingshaven. Yn dy tiid (1917 – 1984) in bedriuw wat mei de merk meigong en foar de oarloch al materialen as roastfrij stiel en aluminium bewurke. Yn de 50-er jierren sette men hjir de earste 'Rijdende Melk Ontvangst' op (R.M.O.). Harm, sels kommersieel meiwurker west fan in soartgelikens bedriuw, lit ús mei foto's fan personiel en produkten sjen hoe as it der yn de lettere "Volma" om en tagong. Nei it skoft draait hij in noch net earder fertoande film fan 1958, mei oanslutend wat filmkes oer Grou út dy tiid.

#### **Tongersdei 5 maart.**

It earste part fan de jûn moatte jim sels oan de slach mei pen en papier. **Yede van der Veen** lit jim oan 'e hân fan bylden útsykje hoe goed as jim thús binne yn it âlde- en nije Grou.  
Koart sein: in Fotoquiz dus.

Fan **Joop Spijksstra** witte wy dat er moaie ferhalen fertelle kin. Oer syn famylje en dan benammen fan memmes kant. Want hast elke âldere wit noch wol fan Ratsma's Bazar. Hoe kaam de famylje hjir yn Grou en wat spile der. Wie Piter Rattekeutel famylje fan Jehannes Buffel? En wat wie dat mei de fleanende tafel fan Jeltsje? Hy fertelt it ús allegear.

## FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2018 – 2019

### **1 novimber**

Yede iepent de jûn mei de oankundiging fan de earste sprekker **Eddy van Noord**. Hy sil (mei help fan oaren) fertelle oer de skiednis fan it Theehûs oan de Pikmar. Dit nei oanlieding fan it boek “De ziel van het Theehuis” dat yn ‘e rin fan 2019 útkomme sil. It giet oer minsken, eigners en pachters dy’t fanôf 1927 yn it Theehûs wurken en soms ek wennen. It V.V.V. ferhierde it Theehûs as earste oan B.H.Braam. Dêrnei wiene der ferskate eigners, te witten: Sikke Bangma, J.Tempel en de hjoeddeistige eigner Syb Osinga. Ek wiene der noch ferskate pachters.

Gé Bangma, dochter fan Sikke en Annie Bangma, fertelt nei oanlieding fan bylden oer de tiid dat hja as gesin yn it Theehûs wennen. Sikke Bangma wie slachter fan berop en hat in oplieding dien foar de horeka. Der wie ek in iisbuffet, dat joech fansels wat ekstra’s. Winterdeis wie it tige kald; hja wennen dan yn de ytseal en sliepten op ‘e souder. Letter is der in hûs by boud. Dat wie in grutte ferbettering foar it gesin. Yn 1965 kocht J.Tempel it Theehûs. Jelle de Jong, doe bedriuwslieder, kaam út de seal nei foaren en brocht ek moaie ferhalen; lykas it matiné fan de merke foar âlderen yn De Luif.

It terras bestie út in grut stik gers foar it Theehûs lâns it wetter. Yn 1978 waard it Theehûs ferkocht oan Syb Osinga. Pieter Dijkstra is by it Theehûs begûn as kok. Syn spesjaliteit wie it “kâld buffet”. Fan 1983 oan’t 2013 is Pieter pachter west. Hy fertelt oer syn tiid yn it Theehûs. Dit wie doe it plak foar de priisútrikking fan sylwedstriiden, mar ek de start fan de Princehoftocht op redens. Tûzenden minsken diene somtiden mei en dat joech fansels grutte drokte. Pieter fertelt in moai ferhaal oer Kerst Koopmans as havenmaster. In protte minsken kinne him noch skoan foar de geast krije. Jan-Feike Hoekstra docht ferslach fan de tiid dat it palaver en de priisútrikking fan it skûtsjesilen noch yn it Theehûs plak fûnen. Yn 2006 is dit barren ferhúze nei in tinte op it Halbertsma’s Plein.

In swarte perioade is fansels de brân yn 2017. Dit rekke it hiele doarp. Elts hie wol syn herinnerings oan feesten en yterijen yn it Theehûs. Lokkich kaam der gau in needoplossing: in ponton. De enthousiaste hierders Timo Slump en Marieke Warmerdam koene op 13 juni 2018 al wer yn it nije Theehûs oan ‘e slach. Eigener Syb Osinga hat in wenromte yn it nije hûs derneist .

Nei it skoft is **Tsjalling Halbertsma** oan it wurd, in neiteam fan de Halbertsma’s.

Mei faasje fertelde Tsjalling earst it ferhaal fan syn jongesjierren yn Grou. It hûs wer’t hy as lyts jonkje wenne, hat syn heit sette litten yn 1960. It earste hûs oan de Pr.Beatrixwei, op ‘e hoeke bij it PM-kanaal. Der stiene doe fierder noch gjin huzen. Hy omskreau de Grousters as in sletten mienskip. Tsjalling hat goede oantinkens oan it boartsjen hjir yn it doarp .Wat him by bliuwt binne de bynamen fan in soad Grousters en de strange winter fan 1963. Letter is it gesin ferhúze nei Aardenhout, in “cultuurschok”. Hockey, tennis en golf, mar lokkich ek fuotbal. Troch syn stúdzje Economie is Tsjalling yn Amsterdam hingjen bleaun. Tsjalling lêst in stik út in famyljekronyk. It giet oer it libben fan Joast Halbertsma en syn fyzje oer jild. Joast hat der alles oan dien om Eeltsje te helpen.. Eeltsje hie net in goed houlik. Drank, jild en froulju wiene de Halbertsma’s sljocht op.

Tsjalling fertelt oer it libben fan Joast, dat him foar in grut part ôfspile yn Dimter. De mem fan Joast wie sunich. Stúdearje koste in soad jild eartiids. Joost hat stúdearre yn Leiden. Joast is troud mei in frou út in rike famylje. Hja hiene landerijen en pachtbuorkerijen yn eigendom. Joast besocht wol syn famylje te stypjen, mar der wie gjin ambysje by harren. Joost wie in ekonomysk literator, kulturhistorikus en spruts tsien talen. Twahûndert jier lyn hat hy de euro al foarsjoen.

Yn 1840 hold Joast al foardrachten oer jild. Hy hie omtinken foar ruilhannel mar soe nea bitcoins keapje. De positive ynfloed fan de yndustrialisaasje soe tige grut wêze. Troch de komst fan de stoomboat en -trein feroare der in soad. Joast koe yn koarte tiid nei Rome en Parys reizgje. Om 1847 hinne wie de foarútgong grut, mar it gat tusken earm en ryk waard grutter. Dit hie Joast doe al foarsjoen. 21 Jier letter soe it boek “ Das Kapital “ fan Karl Marx ferskine. Joast wie in wiis man.

Ik sitearje: “Er is niets dat de mens meer vergroefd dan de zucht naar geld die niet gehalveerd wordt door de wetenschap en de schone kunst”. Lit ik hjirmei slúte.

In fuotnoat: Mijn moeder verzucht op de driejaarlijkse reunie in Grou: ”Halbertsmadag”, het is voor mij iedere dag Halbertsmadag!!

Ta beslút stelt Yede de nije bestjoersleden foar. Margje de Jong is de nije foarsitter en Lutske Melein-Kooiker wurdt as skriuwer beneamd. Margje betanket Yede foar syn enthousiaste jierren as foarsitter. Yede is sûnt 2003 foarsitter west en hat in soad betsjutten foar de Stifting. Yede bliuwt belutsen bij de Stifting. Eddy en Tsjalling, de gastsprekkers wurde betanke troch de foarsitter en de folle seal jout noch in lûd applaus.

Us âld-stiper **Eelke van der Made** is ferstoarn op 11 desimber yn âldens fan 81 jier.

### 13 desimber

Margje iepent as nije foarsitter de gearkomste.

Peter Dauvelier docht út namme fan DAG {Dorpsarchiefgrou.nl} in oprop oan de minsken yn de seal. Der lizze flyers op de stuollen oer de Dorpsanon. It fersyk is om in kar te meitsjen en jo miening te jaan hokker Grouster “finster” jo it meast oansprekt. Yn it skoft sil Gienke Verhoeven freegje hwa’t noch âlde films fan Grou hat. Dizze films wurde dan digitalisjearre en komme (as men dat wol) op ‘e site fan it Frysk Filmargyf.

De earste sprekker is **Hans Elzinga**. In nijsgirrich feit is dat syn pake de bekende skilder Jehannes Elsinga is. Om de ien of oare reden is de namme feroare, de ‘s’ is in ‘z’ wurden. Hans Elzinga nimt ús mei oer it spoar fan Ljouwert nei It Hearrenfean. We krije prachtige plaatsjes te sjen fan it spoar en stasjon yn Ljouwert. We sjogge op de eftergrûn noch gebouwen dy’t letter ôfbrutsen binne, lykas de wettertoer en de âlde loadsen fan Van Gend en Loos. Kij op ‘e feemerk dy’t op transport geane. It wie de tiid fan de stoomtreinen. Der wiene ek noch ferskate trams dy’t riden fanút Drachten. Fansels ek it Dokkumer Lokaaltsje. Yn de oarloch is der troch de Dútsers hiel wat sân ferfierd mei de trein fan Feanwâlden nei it fleanfjild yn Ljouwert. We sjogge by de Frico in smel spoar dat trochrint yn de fabryk. Yn 1952 kaam de earste elektryske trein. We geane fierder oer it spoar, lâns Barrahûs, it moaie stasjon fan Idaard/Reduzum en dan fansels Grou/Jirnsum. Hjir binne moaie bylden fan. Ek wurdt it ferhaal fan de poes fan Hosper ophelle. Dy helle doe destiids de krante. Yn 1976 is der in nij stasjonsgebou yn Grou kommen. Yn 1979 lei hiel Fryslân plat troch de sniestoarmen. Ek de treinen hiene der lêst fan en koene net fierder. We geane fierder oer it spoar lâns Akkrum nei It Hearrenfean. Sa as altyd, spitich dat dy moaie stasjongebouwen der net mear binne. Hans Elzinga hat ús in moaie jûn oer de skiednis fan de treinen belibje litten.

Nei it skoft is it wurd oan **Yede van der Veen**. Yede sil ús it ferhaal fertelle oer syn heit, bekend as Wietse Buske. It ferhaal begjint by de pake fan Yede. Palstra hie in bustsjinst fan Grou oer Jirnsum/Wytgaard nei Ljouwert. Yn 1927 kocht Palstra it pân op it Halbertsma’s Plein. Dêr hie Palstra de bustsjinst en letter ek taksyferfier. It taksyferfier hat Palstra lang oanhouden. Wietse krige ferkearing mei Janke, de dochter fan Palstra. Sa is yn 1935 de bustsjinst nei it spoar begûn. Yn de earste oarlochsdagen moasten de bussen nei Noard-Hollân brocht wurde, omt se oars yn hannen falle koene fan de Dútsers. Mar dit misleare. Se koene net mear de Ofslútdyk oer en moasten de bussen spitigernôch de Iselmar yn ride. De mannen koene lokkich wer sûn thúskomme. Gjin bus mear yn Grou mar noch wol in taksy. Dat wie letter ek net mear betroud want yn 1944 skeaten de Ingelske fleantugen op alles wat beweechde. Wietse hie de bustsjinst op it stasjon fan Palstra oernommen. De bus ried op eltse trein fan Grou-Ljouwert en Grou-It Hearrenfean. Hy fergeat de klok wolris, mar soms wachte de treinmasjinst wol op de bus (dat koe doe noch).

Der busreiskes fan buurtferienings en ek de útwedstriiden fan G.A.V.C. gongen mei de bus fan Palstra, lykas de skoalbern nei de swimles yn Ljouwert. Letter wie Wietse ek noch drok mei de pakkettsjinst fan Van Gend & Loos. Wietse hie in auto mei de bynamme “De Uiver”. Dêrmei brocht Wietse de pakjes teplak yn it doarp. Mei dy auto fleach er ek, mei de motorspuit, nei de brân. Yn 1969 gie Wietse mei pensjoen. In lêste tocht mei ferskate pommeranten yn de bus as ôfskie en Wietse krige in nije fyts oanbean. Ta beslút lêst Yede noch in moai gedicht foar dat Roel Bergsma makke hie foar it ôfskie fan Wietse van der Veen. Earder hie Wietse it boppestik fan in bus op in boat set en sadwaande waard hy ek “boatsjauffeur”.

Margje betanket Hans en Yede foar de tige moaie jûn. Fan de harkers yn de seal krije de mannen noch in lûd applaus.

Op 25 desimber (Earste Krystdei) is ferstoarn **Sybre van der Vlugt**

Wênst is om (âld-)stipers dy 't ús ûntfalle yn it jierferslach te neamen, mar wij miene dat foar Sybre wat mear omtinken op syn plak is. As ien fan de oprjochters en mei syn ynbring hat hij stâl jûn oan mear as 50 jier 'Stifting Grou'. Unferjitlik binne syn ûnderwerpen oer âld-Grou en omkriten en syn trochritten fan âlde Frisia's. Koartom in ferskaat oan ferhalen, it saneamde 'Praatsje bij in plaatsje', mei syn spesjale ferteltrant nei foaren brocht, sil ús altyd bij bliuwe. Us fraachbaak oer âld-Grou, wêr't wij altyd op werom falle koene is net mear. Hij waard 86 jier. Wij sille him tige misse.

Noch in âld-bestjoerslid en -stiper ferstoar en wol op 29 desimber: **Antje Gaastra-Kramer (Zus)**. Sy waard 100 jier.

### 17 jannewaris

Us foarsitster is ôfwêzich en Yede nimt foar har it wurd. Hy iepent de jûn mei it betinken fan it ferstjerren fan Sybre van der Vlugt op Earste Krystdei (sjoch ek hjirboppe). We sille him tige misse. Steande, mei in minút stilte, waard it libben fan Sybre van der Vlugt betocht.

Yede jout dan it wurd oan **Johannes de Vries** en nei it skoft sil Jan Oostenbrug it wurd ha. Beide mannen binne (âld-)bestjoersleden fan de "Friesche Ijsbond" en de dêrmei ferbûne "Ijswegencentrales". Johannes begjint syn ferhaal by syn berteplak yn It Hôflân. Eartiids gie men op redens nei skoalle as it sterk iis wie; "Ik ried tagelyk mei Atsje Keulen nei skoalle". Mem wie ek in hurdrydster. Op snein mei heit en mem op redens nei De Jouwer te thédrinken en foar melkerstiid wer thús. Yn 1940 is "Idaarderadeel" lid wurden fan de Friesche Ijsbond. De winter fan '63 wie in strange winter! Der wie in bulte snie fallen. Jeen Nauta leart my om oer de polderdyk te springen. Mei Sander Douma traine we foar 'De Tocht'. Gerrit Eisinga (Gerrit Ho) wie mei as begelieder. Sander is ôfheakke en ûnderweis lei Ate de Jong (de timmerman) yn 'e snie. Yn Frensjer trof Johannes (wetter)plysje Veldhuis en yn Froubuorren Roel en Jouke Wartena. Dizzen binne letter fierder riden. Bij Aldtsjerk moast Johannes fan it iis. It wie al te let om noch fierder te riden. Johannes hat in trainerskursus dien; is starter west by reedrydwedstriden en hat in slypmasine foar redens ûntwikkele. Der wiene ferskate ferneamde riders dy't harren redens slypje lieten troch Johannes de Vries. It begjin fan de Ijswegencentrale Idaarderadeel begûn sa: Leenstra, de direkteur fan it bûterfabryk frege Johannes oft hy ek in baan skowe koe foar de molksliden. De sliden koene sa dochs de molke by de boeren oer it wetter ophelje. Dit wie yn de winter fan '63. Yn 1970 wie hjir yn Grou in ploechje frijwilligers dat bestie út Johannes de Vries, Jan de Wal, Hylke de Vries (Doaze), Peet Reitsma en Douwe van der Meer. Dizze mannen ha in ferskoarrend soad betsjutten foar de Ijswegencentrale Idaarderadeel. Eltse winter stiene se wer klear om de banen út te setten foar de toertochten hjir yn de gemeente. Wichtich wie it iismjitten, it gie om de dikte en it plak. Dêrneist moasten der stimpelposten komme. Lâns de rûte op nuodlike plakken is de regel: steande takken feilich en lizzende takken gefaarlik. By de Grêft wie meastentiids in wjek. Yn '82 waard der in brêge makke oer it Prinses Margriet kanaal. In hiel barren. Hy waard fan sânsûgerbuizen makke. As de Iselmar ticht siet en skippen yn konfooi farden wie Lammert Zwaga de man dy't kontakt mei de skippers hâlde. De Princehoftocht wurdt om en om organisearre troch Grou en Earnewâld. Jeen Wester wie dêr de grutte animator. In skitterjende tocht troch de Alde Feanen. Elts is op it iis. Dizze tocht is ferskate kearen riden troch 2000 oan't 3000 minsken. Der binne fansels ek noch oare tochten yn de gemeente útsetten fan bygelyks 30 km, lykas nei Reduzum, Wergea en Warten. Johannes wie Agriadealer en syn earste masine om de baan te faaien, wie dan ek mei sa'n motor. Letter binne der noch ferskate feechmasines makke fan de merken Méhari, Poncin en Russyske Jeep. In moai ferhaal wat ús allegearre tige oansprekt.

Nei it skoft is **Jan Oostenbrug** oan it wurd. Mei fleur en faasje set er út ein.

In man fan oanpakken, mar hy is der net gerêst op oft der ea noch in alvestêdentocht komt. We krije in praatsje oer it waar. Sjoch nei de moanne, foardat it folle moanne is moatte we in pear dagen froast ha, oars wurdt it neat. It is dus wer afwachtsjen oan't febrewaris. (Frjemd sa't it waar jo -en ek dus Oostenbrug- somtiden ferrifelje kin, want in pear dagen letter komt der in lyts winterke). Yn de krante fan 22 jannewaris stiet in plaatsje fan riders op de Jan Durkspolder. De "gersriders" Leo Schuil en syn maten wiene fansels al earder op de Ryptsjerksterpolder. Yn de jûn fan 22 jannewaris falt der moai wat snie. Der is wer in nij rekord oan files yn Nederlân. As we it Waad droech meitsje, krije we miskien in lânklimaat en dan kin der nochris in Alvestêdentocht komme. Jan is in natoerman, jager en fisker, mar as der allegearre einen yn in wjek sitte by Ryptsjerk kin ik fansels net dy einen der útsjitte. De stêdsminsken yn Snits moatte yn de winter gjin de einen fuorje, oars sil it neat wurde op redens troch Snits. Yn Bartlehiem komme de wetters byelkoar, in wichtich en ferneamd plak yn de Alvestêdenrûte.

De measte minsken kinne fansels wol de skiednis fan de Alvestêden. De Tocht is no fyftjen kear ferriden. De lêste tocht wie yn '97 It rekord tusken twa tochten is 8070 dagen. Dat wie tusken 1963 en 1985. Dit record sil op 9 februari 2019 ferbrutsen wurde. Der binne ferskate boeken skreaun oer "De Tocht der Tochten". De Alvestedetocht wurdt in "hype", we krije "Karnafalspublyk". It wetterskip hat in peilbeslút; boeren wolle it wetterpeil leech hâlde, de gemalen draaie kontinu. Der binne hjir yn Fryslân 980 gemalen en 44 gemalen steane oan de 11-stêdenrûte. Der is in draaiboek fan 6000 wurden. Eartiids seach de moolner nei it waar. We wachtsje op de "Russyske Beer". Elts hat in miening oer de tocht en it waar. Yede betanket Johannes en Jan foar in tige moaie jûn. De seal, dy't wer fol siet, betanket de beide mannen mei lûd applaus.

## 7 maart

Margje iepent de lêste jûn fan dit winterskoft en sa as gebrûklik is der yn it skoft in stikje oranjekoeke foar de oanwêzigen. De seal sit wer fol. Oan it wurd komt **Sander Douma**, BNA-architekt, en oprjochter fan S.D.A.Velodromes B.V. Sander is berne yn Nijbeets mar al rillegau is de famylje nei Grou ferhuze. Syn heit Marten Douma kocht de winkel "Manufacturen en Confectie" yn oktober 1945 fan de famylje Werkhoven. It libben fan Sander yn Grou bestie út gymnastyk, skoalle, fuotbal, Apollo en fytse. By Apollo learde Sander syn frou Joos kennen. Fan de H.B.S yn Ljouwert nei de H.T.S. Sparje foar in racefyts. In moaie tiid mei syn maten Dicky Jellema, Kobus de Vries en fansels Gerrit Hó as begelieder. Sander wûn "De ronde van Akkrum" yn '62. Yn trije dagen op 'e fyts nei Parys! Hij krige in 'wielericentie' en dêrnei binne der hiel wat wielerrondes yn Nederlân west dêr't Sander hinne gie mei Gerrit as begelieder. Hij krige in staaizeplak by Philips Eindhoven op de ôfdieling 'bouwkunde'. Yn Brabân hat Sander ferskate oerwinnings behelle. Yn '65 slagge hij foar de H.T.S. Yn '67 in oerwinning yn de ronde fan Appelskea. Yn militaire tsjinst kaam Sander by de "Nationale militaire equipe" en die mei oan Olympia's Tour troch Nederlân, mei oare ferneamde hurdfytsers as Cees Zoontjens en Rini Wagtmans. Yn 1968 ferhuzen Sander en Joos nei Schermerhorn. Augustus '69 talitten ta de Akademie voor Bouwkunsten yn Amsterdam. Yn '76 begjint Sander syn eigen arsjitektenburo oan hûs. Yn 1994 ferhuzet it bedriuw nei in prachtich pân, eartiids in pastory yn Stompeteren. Der komme grutte projekten yn de wenningbou, kantoren, winkelcentra, appartementen en restauraasjewurk. Yn 2015 wurdt it bedriuw oernaam. Neist it arsjitektenburo begjint Sander mei in nij project, it bouwen fan in wielersbaan yn Alkmaar. Hjiryn blykt Sander, mei in demontabele binnen- en bûtenbaan, tige suksesfol te wurden. De lingte fan de banen lizze tusken de 200 en 550 meter. Fan Alkmaar oan't Omsk, Rio, Adelaid, Dubai, Beijing. Sander ûntduts dat in nije houtsoart, neamd Akoya, it bêste foldie. Foarhinne wiene it fjurren, grenen of lariks. Der binne trije wrâldrekords op syn banen ferriden. Apeldoorn is de perfekte wielersbaan, in skitterjend besitekaartsje. Sander, tegearre mei Joos en syn fêste team, kamen oer de hiele wrâld en dan waard der faaks ek tiid makke om it lân en de kultuur te priuwen. Sander hat ús hiel wat fan dizze wrâld sjen litten. Foarsitter Margje betanket Sander foar syn enthousiaste ferhaal, ûnder lûd applaus fan de seal. Elkenien in goede simmer tawinske en oan't sjen op de earste jûn yn novimber 2019.

En as dan it winterskoft wer ôfrûn is, binne it meast net de moaiste berjochten dy't we krije:

Op 21 maart, de earste dei fan wat foar in soad minsken it begjin is fan de moaiste tiid fan it jier, is fan ús hinnegien **Ype Tjeerds Sytema**. Hy waard 75 jier.

**Fintsje de Groot-Terpstra**, frou fan Henk de Groot, ferstoar op 1 april yn âldens fan 87 jier.

Op 8 april is ferstoarn **Johannes Wigle Kleinhuis**, hy waard 78 jier.

Us stiper **Wytske Rypma**, partner fan Epko Dalstra, is op 11 april ferstoan, 70 jier âld.

En dan is dêr, tusken alle minder moaie berjochten, samar in berjocht dêr't Jo bliid fan wurde: op 14 april wiene **Wijtze en Rinnie Kooiker-Siegers** 70 jier troud. Ut namme fan bestjoer en stipers is der in lokwinsk tastjoerd.

Goed acht moanne nei har man Sietse is op 12 maaie ferstoarn **Oeke Postma-Okkema**, 84 jier.

Op 14 juny is ferstoarn **Pytsje Breeuwsma-Bergsma**, se wie 72 jier.

Us âld-stiper **Popkje Hofstra-de Jong** ferstoar op 26 juny yn âldens fan 93 jier.

Op 3 augustus is fan ús hinnegien **Hidde van der Bijl**, hy waard 86 jier.

## WA WIT WÊR WAT.

Us stipers witte (dat sille we dan sjen op 5 maart o.s.) en hawwe blykber alles fan Grou, want der is fan 't jier gjin fraach ynkommen.

As Jo Stifting Grou jildlik stypje wolle binne dêrta (belestingfreonlike) mooglikheden. Bygelyks de notariskantoaren yn Grou kinne Jo hjiroer neier ynformaasje jaan.

## DE BYLAGE

### **De Minne Finne**

Op de folgjende siden sjogge jim ôfbyldingen fan de Minne- of Frearks Finne. Eartiids in stikje bûtlân oan de Pikmarkant fan Grou. Nei 't it bedike wie hâlde in spinnekopmountsje it polderke droech. De nammen kamen fan Minne, dy't in komelkerij hie wat no it wenhûs fan Reinder de Jong is, en syn soan Freark, mei in helling en buorkerij wêr 't letter it izerfabryk stie. Oer dizze Finne hat nei de oarloch in protte te dwaan west. De opfeart nêst de fabryk en de Boerewâlshaven waarden yn 1955 dempt foar útwreiding fan de fabryk. De 'Volmawei' waard dwers oer de Finne lein en elts wit noch fan de lilleke hege loads bij dit fabryk. Nei de ôfbraak fan it fabryk om 2000 hinne, is letter de 'Hellingshaven' op dit plak groeven. Nijsgjirrich dat yn de 50-er jierren yn de gemeenteried al praat waard oer de oanlis fan in jachthaven op dizze pôle. Yn de jierren '60 wiene der plannen om dêr in hotel/restaurant te bouwen en it Theehûs dêrfoar ôf te brekken. De arkebewenners wiene uteraard net wiis mei dit plan. Dit kaam dan ek net fan de grûn en it duorre oant de 80-er jierren, doe 't men oan wenningbou begûn te tinken, wêrbij't sels in supermerk yn de plannen opnommen wie. Der is in protte wetter troch de Pikmar streamd, foardat de huzen en it appartemintgebou, dy't no oerein komme en werklikheid wurden binne en de ein is noch net yn sicht. Oan jim skielk it oardiel oft it allegear wol sa slagge is!

*De foto's mei gelikense nûmers binne út deselde gesichtspunten wei nommen, allinne mei sa'n 40 jier tiidsferskil. Tiden hawwe tiden !*





1

Grou, Frearke Finne

## Jierren '30



2

Grouw - Op Minne - finne



3

Fries Landschap



**1**



**Jierren '70**

**2**



**3**







**1**

## Situaasje fan 2019



**2**



**3**